

Jierferslach Obe Postma Selskip 2011

Op 19 novimber 2006 waard it Obe Postma Selskip te Koarnwert oprjochte. Yn novimber 2011 wie it dus safier: it Obe Postma Selskip hie fiif jier bestien. Ek al binne der wat opsizzingen, der komme hieltyd ek leden by. Op dit stuit hat it Selskip 119 leden. Oer dit lustrumjier 2011 giet dit ferslach. Der wurdt ferantwurding ôflein fan wat it Selskip dien hat en der wurdt ek yngien op de ambysjes, dy't it Selskip hat en dy't yn de bestjoersgearkomsten yn 2011 faak op it aljemint west hawwe.

Lit ik earst inkele feiten lâns gean. It bestjoer fan it Selskip kaam fjouwer kear byinoar, en wol op 9 jannewaris, 20 maaie, 9 septimber en 18 novimber 2011. It jierlikse reisje – dit kear nei Fivelgoa-- waard hâlden op sneon 28 maaie 2011. De stúdzjedei ‘Zekerheden in Waarnemingen. Natuurwetenschappelijke ontwikkelingen in Nederland rond 1900’ waard hâlden op freed 25 novimber 2011. De boekpresintaasje ‘De fascinatie voor Slauerhoff’ waard organisearre op freed 20 maaie. It boekje ‘Postma yn it Russysk’ waard oanbean op freed 16 desimber by in boattocht te Ljouwert en omkriten. De finansjele kanten fan dat boekje waarden foar rekken nommen troch The Friesian te Ljouwert. De ‘Wurkgroep Postma en de Muzyk’ – besteande út Geke Sjoerdsma, Hans Algra en Wim van Ligtenberg -- kaam byinoar op 25 maart, 20 april en septimber fan 2011.

De jierlikse ledegearkomste waard hâlden, lykas jim witte, op woansdei 9 febrewaris 2011. Bernard Smilde (‘Obe Postma en de muzyk’) en Jan Guichelaar (‘Postma als natuurwetenschapper’) hawwe yn dy gearkomste in lêzing hâlden. Bernard Smilde makke diel út fan de wurkgroep ‘Obe Postma en de Muzyk’. Hy moast him lykwols yn ’e rin fan 2011 werom lûke út dy wurkgroep yn ferbân mei gesûndheidsproblemen. Jan Guichelaar hat, neist oaren, yn 2011 in protte wurk ferset foar it Selskip. Yn nûmer 10 fan *Wjerklank* hat hy twa bydragen opnimme litten. Ien oer ‘De weg naar de natuurkunde’ en de oare oer ‘Het natuurwetenschappelijk werk van de Friese dichter Obe Postma: Zekerheden in waarnemingen’. Dizze lêste bydrage – in ferfolch op Frans Steenmeijer syn lêzing fan 2010, ferskynd yn nûmer sân fan *Wjerklank* en ek op Guichelaar syn bydrage ‘Natuurwetenschapper Obe Postma in de archieven’ -- hat Guichelaar yn ’e mande dien mei George Huitema. Dy twa hawwe ek de tarieding op har nommen fan de stúdzjedei en útstalling op freed 25 novimber 2011. Ek Tineke Steenmeijer-Wielenga hat derby skewield. Yn ferbân mei de útstalling yn Tresoar (novimber/desimber 2011) ferskynde fan Jan Guichelaar en George Huitema in katalogus. Dat uterst nijsgjirrige en weardefolle boekje is opnaam yn de Obe Postma Rige en wol as nûmer 7. Op freed 20 maaie waard it earste eksimplaar fan it boek *De fascinatie voor Slauerhoff* oanbean oan Martin Reints. Dizze dichter, wenjend yn Brantgum, hat syn lêzing publisearre yn *Wjerklank* nûmer 10. Dit feestlike barren fûn pleats yn de meubelsaak Slauerhoff te Ljouwert. In soad minsken kamen dêrop ôf.

It reiske gie, lykas al sein is, yn 2011 nei Fivelgoa. Philippus Breuker hat, lykas meastentiids, ek dit reiske op treflike wize taret. Yn in bydrage fan syn hân yn *Wjerklank*, nûmer 9, mei de titel 'Hawwe jim wol west ? By it reiske nei Fivelgoa' fertelt hy ûnder mear, dat Postma yn alle gefallen yn 1935 in reiske makke fan Learsom oer it Zandt nei Marsum; syn erfaringen hawwe har delslach yn it gedicht 'Fan it Fryske lân' út 1937 fûn. Sok 'witnesspul', om mei Postma te sprekken, meitsje sa'n dei ta in feest.

Yn de perioade 1 maaie oant 1 desimber 2011 krige de komposysje-priisfraach har beslach. Neist de 42 al besteande komposysjes (ynventarisearre troch Bernard Smilde) waarden troch de 14 dielnimmers 19 gedichten fan Postma toanset. De gedichten, dy't op muzyk set waarden, binne: Uzes, Myn hûs, Jûn, Al myn libbensfreugden, Ôfskie, Myn bestean, I haven't told my garden yet, Prinsetún, Maaiedei, Because I could not stop for death, De liereman, Treast op klachte, Winterjûn, Grut hôf, Simmer, De hikke, Foar 't earst, De dream en Wyldsang. Krekt nei nijjier hat de sjuery in winner oanwiisd út de seis nominearre komponisten. It bestjoer fan it Obe Postma Selskip wie och sa bliid, dat it fan de no fusearre gemeente Wymbritseradiel in bedrach fan 3200 Euro krige foar in noch te ûntwerpen buste fan Postma. Der moat op syn minst noch in 4000 Euro by, wol dit projekt fan de grûn komme. Sawol yn it bestjoer fan it Selskip as ek yn it bestjoer fan de Obe Postma Stichting binne wat mutaasjes. Lykas bekend hat Geke Sjoerdsma it plak ynnomd fan Tineke Steenmeijer-Wielenga. Siebren van der Zwaag nimt hjoed ôfskie as foarsitter. Wat de Stichting oangiet, Albert Wynia nimt ôfskie as ponghâlder fan de Stichting; allyksa Teunis Piersma. En ek Siebren van der Zwaag lûkt him werom út it stichtingsbestjoer. Yn 2011 hat it bestjoer plannen makke foar 2012. De stúdzjedei yn novimber 2012 oer Fryske skiedskriuwing stie op it aljemint. Allyksa de ôfrûning fan de komposysjepriisfraach. Mooglikewize komt der yn 2013 in stúdzjedei oer Rilke, in dichter wêrfan't Postma yn it begin fan de tritiger jieren 37 gedichten fertaalde.

Jan Gulmans, skriuwer